

# PARSEBERJOCHT

## **Vader en zoon, oandwaanlike teaterdialooch yn It Heidenskip**

Op sneon 30 oktober spilet Tryater de foarstelling *Vader en zoon* by It Swaegat yn It Heidenskip.

Tweintich jier lyn spilen Joop en Mads Wittermans *Vader en Zoon*. No stean se wer tegearre op it toaniel mei *Vader en zoon*, mar der is wol wat feroare. De humoristyske, oandwaanlike en soms pynlike teaterdialooch giet op freed 8 oktober yn premjêre by Tryater. De foarstelling – dy't regisseur wurdt troch Liesbeth Colthof – spilet oant en mei 18 desimber yn teaters en doarpssealen troch Fryslân en Grins.

*Yn de foarstelling fan tweintich jier lyn hie heit lêst fan in midlifecrisis en wegere soan, nettsjinsteande ynspanningen fan syn heit, te foldwaan oan de noarmen fan de maatskippij. Anno 2021 sit de soan tsjin in midlifecrisis oan en liket er konformist wurden te wêzen. Wylst yn heit de anargist wekker wurdt; hy set him ôf tsjin alle regels dy't it âlder wurden en de oankommende dea mei har meibringe. De rollen binne dus folslein omdraaid, of leit it wat oars?*

### **Seis skriuwers**

Bouke Oldenhof, Joeri Vos, Rob de Graaf, Marijke Schermer, Bodil de la Parra en Jan Veldman krigen alle seis de opdracht om in sêne te skriuwen. Troch Jan Veldman en regisseur Liesbeth Colthof binne dy op keunstige wize mei elkoar ferflochten ta it úteinlike skript. *Vader en zoon* is in spul tusken feit en fiksje, doe en no. In hertstochtlik petear oer âlder wurde, jierrenlange patroanen en elkoar los doare litte. De foarstelling is foar in grut part Nederlânsktalich mei sa no en dan Frysk.

### **Joop en Mads Wittermans**

*Vader en zoon* is in koproduksje fan Tryater en Theater Producties Wittermans. Joop Wittermans spile yn tv-searjes as *GTST*, *Vrouwenvleugel* en *Fort Alpha*. Dêrneist is er bekend fan tal fan teaterrollen. By Tryater wie er ûnder mear te sjen yn *Karlsson fan it dak* en *Trouwerijen en rjochtsaken ensf.* Mads Wittermans wie fan jongs ôf te sjen yn ferskate teater-, film-, en tv-produksjes. Sa spile er û.o. yn *Van God Los*, *Penoza* en *Scheepsjongens van Bontekoe*. By Tryater spile er ûnder mear yn *Raze om Protters*. Tsjinwurdich makket en produsearret er by Theater Producties Wittermans syn eigen foarstellingen.

Foar de foarstellingen wurdt rekken hâlden mei de maatregels fan it RIVM.

Tekst **Bouke Oldenhof, Joeri Vos, Rob de Graaf, Marijke Schermer, Bodil de la Parra en Jan Veldman**  
| Spul **Joop Wittermans, Mads Wittermans** | Regy **Liesbeth Coltof** | Dramaturgy **Jan Veldman**  
| Foarmjouwing **Guus van Geffen** | Kostúms **Mathilde van der Hoop**

---

### Foar de redaksje

Taheakke foto kin frij fan rjochten pleatst wurde û.f.f. fotograaf Florian Cats. De HR-ferzje (en ek in lizzende ferzje) kinne jo hjir downloade: <https://bit.ly/vaderzoonbeeld>

Foar mear ynformaasje:

Berber van Oyen: [b.vanoyen@tryater.nl](mailto:b.vanoyen@tryater.nl) / (058) 288 23 35 / (06) 245 141 00